

OAN IT INGSTER

In hânfol nije Fryske útjeften

Froeger krigen wy as redaksje regelmjittich nije Fryske boeken tastjûrd om to bisprekken. Wy diene dat dan ek nei eare en gewisse en leafst sa gau mooglik, hwant wy woene net op'e namme komme dat it tiden duorre foardat in boek yn bisprek kaem.

Mar de lêste tiid krije wy net sa folle mear en wy freegje ús ôf hoe't soks komt. Binne der langer sa'n bytsje Fryske útjowers — en hawwe dyjingen dy't noch al útjowe net folle bilang by in bisprek yn 'e Stim? Wy kinne ús dat fansels net foarstelle: sa'n skoander blêd, mar hoe't it ek wêze mei, wy hawwe der wol bilang by om de lêzers op 'e hichte to hâlden. Hwat moat men dan? Us oplossing wie: sels mar hwat oantuge. Dat sadwaende waerd in gong nei de boekhannel makke mei de fekân-sje yn 't foarútsicht en in hân fol útjeften meinommen. Thús lei nei ôfrin ek noch hwat — der waerd dochs noch hwat tastjûrd — en sa kamen wy ta in moai rychje.

Oer in auto

Wy bigounen mei „De snoekebek” fan Durk van der Ploeg.

Durk van der Ploeg is ús as roman-skriuwer bikend sûnt 1968, doe't syn earste boek „In man en in minske” it ljocht seach. Dat wie it binearjend forhael fan in mislearre houlik, skreaun yn in realistyske styl. Dy earsteling wie in „Fryske paperback” foar de Fryske Bibleteek. Foar dizze twadde is van der Ploeg oerstapt nei de KFFB. It thema

fan dit boek is gâns minder tryst as dat fan it foarige. It forhael is gau forteld. Op Treurharnen libje de Dykstra's op 'e pleats en de Palma's yn 'e arbeiderswent. Oer de Palma's — man, frou en trije bern — giet it yn haedsaek. It bigjint mei in Snein dy't heit Wibe foar in great part op bêd trochbringet, ta argewaesje fan mem Hinke dy't mei de bern nei tsjerke giet. Al yn dat earste haedstik leit de stof foar de roman klear: de fûleindige mem dy't foarút wol, Harm dy't allinne mar each hat foar syn âlde auto's en taseit dat takom jier „net ien hjir mear hoecht to fytsen”; Tsjikke blykt forkearing to hawwen mei in neger, George, en heit mei dêr net oer.

As de boer de pleats fornijt moat Wibe der út en wurdt arbeider yn 'e stêd, in proses dat net al to pylklik forrint. Harm komt op in goede dei mei in statuswein thús, in âlde snoekebek. Foar de net-autoriders; in Citroën IDL. Dy wein wurdt it symboal fan 'e foarútgong en de dynamyske ûntjowing fan de Palma's, ek al wol er ridlik gau net mear ride. Mem Hinke nimt fuort autorydlessen en wurkhuizen tagelyk.

„En sa is de hiele húshâlding yn koarte tiid omkeard. Elke minút moat produktyf makke wurde om mei to kommen yn de wolfeartsstream”.

Sa bidije se hwat, mar dan komme de problemen. Tsjikke en George wolle (moatte) trouwe, mar Wibe moat neat fan dy swarte fint hawwe. As it tusken dy beiden útskuort komt Tsjikke thús en krijt dêr har poppe: roetswart mar leaf. It komt wol wer goed mei George, mar earst rekket Wibe oerspand, moat de autotroep fuort en krijt Harm forkearing mei in „bluistrige wyldepûst”. Allegearre haltes dy't net yn it wolfearts-spoarboekje stiene. Mar hwat ek foar oaret, de snoekebek bliuwt stean, alhiel yngroeid yn 'e hage en mei gordyntsjes foar de rûten, in dreamhúske.

Nei in protte fiven en seizen wurdt de lytse doopt, hwat Tsjikke fielt as wurdt er har ôfnommen. Lokkich biteart alles to'n goeden. Tsjikke fynt George werom en trout mei him, Wibe en Hinke geane nei de buorren to wenjen en Harm trout mei syn wyldepûst. Dan giet de snoekebek fuort. De dream is út, mar de wurklikheit is net al to wreed. Oft der noch in echte auto komt wurdt net mear dúd-

lik. It hoecht eins ek net mear, hwant men hat yntusken leard dat skreppe om woltier ek net alles is.

In modern thema dus: hoe't in arbeidershúshâlding har ûntwrakset oan de âlde wrâld fan boer en pôle en stadich-oan oergiet op in nije libbenssteat mei de konflikten dy't it libben dan mei-bringt. Van der Ploeg hat dat knap biskreaun. As men de bledsiden oersjucht steane der in soad dialogen yn, dy't net geastich of djipsinnich of kompakt binne. Hiel gewoan, mar om de mylde sfear dy't der oerhinget, lêze jo troch en dan bigjint it hiele Treurharnespul-tsjje to libjen. Jo sjugge Harm mei syn rykrakken dwaende en moatte glimkje om dy snoekebek yn it túntsje, dy't stadichoan weiwurdt yn 'e hage. Hinke is in flink en ek leauwich minske sûnder geëamel en théologyske problemen. Tsjerke en doop bitsjutte hwat foar har. De snoekebek as statussymboal is in prachtfynst: de auto as middel om fan 'e pôle ôf to kommen en as symboal fan it nije. Hinke hat der foaral forlet fan en skrept har út 'e naden. In ôfgod wurdt de auto lykwols net: it opgarre auto-jild krijt Tsjikke. It giet alle-gearre frijhwat myld om en ta: Wibe mei George net lije — mar it wurdt alhiel gjin echt rassekonflikt. As hy him hwat better kennen leart, fynt er him ek noch wol aardich. Gjin skerpe skelen, gjin lôgjende dramatyk. Alle persoanen binne tige akseptabel, op âlderling Tamsma nei: sokke âlde mirakels binne út 'e tiid.

In roman nei it libben, en net in minnen ien.

Van der Ploeg mei mear sokke skriuwe. Ik fyn dit boek in oanwinst, foaral troch it ûnderwerp en de wize fan útwurkjen.

Oer in frou

It twadde boek dat ik yn hannen krige wie ek al in KFFB-er. It is in nije Paulus Akkerman en hjit „In haven bisyld”.

Op 'e flap wurdt dit boek oankundige as „wer in echte Akkerman” en dat is ek wol sa. Hjir gjin moderne thema's (dat hat Akkerman earder wol bisocht), mar deeglike âlderwetske. It forhael spilet „yn it foarige”, wy hâlde it op sa'n 70

jier lyn, op 'e klaei en yn de lege midden. Twa streken dy't Akkerman út eigen ûnderfining goed ken. Reimer Popping, in rentenier boer en widner, lit him forliede ta in houlik mei Aukje Fels, in jong en sleau ding út in earme húshâlding. In brike set en it houlik rint op rúzje en ellinde út. De âldboer bigjint wer to buorkjen, mar stjert hommels en lit Aukje mei trije bern en oan reapsein achter. Aukje set in winkeltsje op mar dat wurdt neat. Lokkich krijt se wer in plak as húshâldster by in man allinne: Hindrik. En dat is in echte typyske Akkermanfiguer: in soargeleaze, ien dy't mei hwat hannel oan 'e kost komt, fan de iene dei yn 'e oare libbet, altyd blier, mei elk opsjette kin, nea jild hat mar altyd iten, fleurich, moedich, bernich leauwend, koartsein in serieuus soort Swiebertje. Fansels prachtige wâldmans-hannelsforhalen. In libbene tsjinstelling fan de stúfe, noartske, Popping, it ûngemaklike hearskip. Hjir fielt Aukje har thús, sa hat se har haven bisyld. Fan forlieden gjin sprake mear, mar it komt stadichoan al ta in houlik. Ek geastlik komt se toplak. Hindrik reizget nei in „minhear”, dy't harren mear oansprekt as in dûmny. Yn 'e timmerskuorre sit mar in lyts keppeltsje, mar Aukje sjongt mei — en sa krijt ek dit boek in blier ein.

As men sa beide boeken achtermekoar lêst, is de forlieding great om to forgelijkjen. Der binne ek wol punten fan oerienkomst: beide spylje op it Fryske platelân yn agraryske formiddens, yn beide spilet in frou wol sawat de haedrol, yn beide komt it nei hiel hwat wederwaerdichheden oan 'e ein wol aardich goed. Mar van der Ploeg mikt heger en komt ek heger út. Syn ûnderwerp is folle nijsgjirriger en de persoanen komme psychologysk better ta har rjucht. Akkerman makket byg net dúdlik hoe't sa'n steile boer op jierren sa mar fâlt foar it earste it bêste famke. De hiele forlieding nimt amper tsien rigels, mar is wol biskiedend foar de fierdere gong fan saken.

Fansels is Akkerman op syn bêst as er Hindrik syn avonturen biskriuwt. Nij binne dy forhalen net, derfoar ha wy tofolle Akkermaniaanske stikjes ûnder eagen hawn.

Dochs sit der grif in modern kleurke oan sa'n Hindrik, de eartiidse hippie.